

Leafdesroman fan Durk van der Ploeg pakt jin by it hert It Paradys as in hel

It binne wer de bekende Van der Ploeg-lokaasje en situaasje dy't yn syn nijste roman *Sykjend nei it lêste hûs* nei foaren komme: Dongeradielen, rottekleaster en gjin frede ûnder de minsken.

TSJERK VEENSTRA

It wurdt 'It Paradys' neamd mei de selsspot fan de minsken dy't yn it rottekleaster by it Spoardok fan Dokkum wenje yn de tiid fan it Dokkumer Lokaaltsje, de eksport-slachterij en de fellebloaterij. Yn dat rjochte arbeidershuzen wennet de famylje Wiarda mei hûnen en katten, kninen en hinnen. Hesling Alberda komt troch lotsjen by harren (omke en muoike) yn 'e hûs nei't syn mem ferstoarn is nei in ûngemak mei hite stoom op it bûterfabryk.

Hesling is de jongste, dat se hawwe net folle mei him op as opfretter en neat-ynbringer en dat sil er witte ek: hy sliept op de boppeste solder mei it lûk ticht. Hesling stiet as wees, syn heit hat er nea kend, en as gevoelige, dichterlike jonge yn in wrede en hjanne wrâld dêr't er yn oerlibbet troch him ôf te sluten en werom te lûken. Hy fielt him sterk oanlutsen ta syn nicht Aukje dy't yn in tbc-tintsje op it hiem wennet. Hy skriuwt gedichten foar har en syn platoanyske leafde foar har wurdt troch neef Tiedeman brûkt om him yn diskredyt te bringen as fyslak, de oare neven en muoike dogge likehurd mei.

Tespjalte

As it ferhaal begjint sit Hesling yn it fleantúch fan Kanada nei Skiphol. Hy komt nei fyftich jier emigraasje werom om syn broers te sykjen en faaks syn heit en antwurden te finen op de dizzenige 'wêrom-fraach'. Ek yn Kanada en Alaska hat it libben wreed en fijannich west, hy hâldt der de trilsykte oan oer fan it boarjen yn de minen, mar gjin fêste relaasje; allinne syn omgong mei de froulike inuit (eskimo) Ikkar hie wat in duorjender karakter. Hy kin him net bine, want gjin inkelde bining hat him oars wat brocht as 'skuld': hy wie skuldich makke oan de earmoede fan syn famylje, de sykte fan Aukje en ek

noch oan it feit dat syn nicht Jildau in moffehoer waard yn de oarloch: 'Ik fielde my feroardiele en opsletten. Ik wie rjochteleas en sa waard ik ek behannele'.


Van der Ploeg wit dat yn syn sa karakteristike, oertsjûgjende en byldrike taal oannimlik te meitsjen: fyn ynlein wurdt Hesling troch de suster fan syn mem ferhûddûke en fernedere ta in podde mei help fan har soannen mei de karakterleaze Tiedeman foarop. Syn iennichste wearde ûntliet er noch oan syn fielings foar Aukje dy't er net uterje mei en kin.

Om foar himsels klearricheid te krijen oer syn ferlerne jeugd, skriuwt er no, ûnderweis nei en werom yn Dokkum, op in hotelkeamer alles op. Sa komme wy as lêzers yn de kunde mei dizze sympatike Hesling dy't in tespjalte figuer is: oan de iene kant skriuwer en dichter op syk nei leafde en oanhinklikens en oan de oare kant de man fan de selskant as boar, hout-en ranchman yn snie en drek en mei drank en huorkerij. It duorret efkes om leauwe te kinnen dat sa'n rûch man sa skriuwe en tinke kin, sa analysearje en filosofearje, mar hawwe de omstannichheden him sa net makke, lykas safolle minsken foar, yn en nei de oarloch?

Unbefredigjend

De oantinkens oan syn tiid yn Kanada en Alaska en oan syn jonge jierren yn It Paradys en Dokkum wurde ophongen oan it aktuele barren fan syn syktocht nei syn heit en bruorren. Dêryn is Hesling in ompieler en ôfwachter en op dat punt sakket it ferhaal yn en wurdt it te lang rutsen. As er op 't lêst syn beide bruorren al op it spoar komt, blykt de iene ferstoarn en de oare ôfskerme te wurden troch syn wiif en Hesling lit dat sa gewurde: frjemd!

Mei de frou fan syn ferstoarne broer hat er noch wol in petear, mar dat hâldt mei ien kear ek wer



De oantinkens oan Hesling syn tiid yn syn syktocht nei syn heit en bruorren

op. Fan de syktocht nei syn heit fernimme wy fierder neat. Foar de lêzer is dat hiel unbefredigjend, omdat er troch de skriuwer op dat spoar setten wurdt en omdat dat it spanningselement yn it ferhaal is en as de skriuwer dat kennelik net serieus nimt dan fielt dy as lêzer net serieus nommen. It kin sa wêze fansels dat in syktocht nei it ferline op neat útrint: de ferwachting fan de siker is basearre op jierrenlang opboude betinkensels, skuldgefoelens en langsten dy't grutter binne en

op ierde



in Alaska, Kanada en oan syn jonge jierren yn It Paradys en Dokkum wurde ophongen oan it aktuele barren fan

Foto: Reuters

wurde as de feiten sels. 'Miskien hat se harsels yn lange ferwitende monologen de wierheden fan de nacht ferkundige. Ik ken dat', sa betinkt Hesling as er Lize sitten sjocht.

Dy 'se' út it foarige sitaat is Lize Wiersma, klasgenoate fan de mulo, dy't er troffen hie yn it argyf en dy't alle war docht kontakt mei him te krijen. Hesling giet der op yn en se wenje tegearre yn har hús op de Lytse Jouwer, de ferboude pleats dêr't Lize buorke hat mei har no

ferstoarne man. Lize hat yn de mulotiid fereale west op Hesling om syn 'dichterlikens' en se hat him nea fergeffen.

Op side 173 komme Hesling en Lize inoar tsjin en oan de ein fan de roman ta op side 286 bepaalt haren tegearre wêzen fierder it ferhaal. De roman groeit dan wer nei in nij hichtepunt ta (it earste wie it ferhaal fan syn jonge jierren yn It Paradys) en dy tige ûnferwachte moeting en ûntjouwing rêde it ferhaal. Se litte it ûnbefredigjende fan

de syktocht ferjitte en smite faaks wol in hiel oar ljocht op Hesling syn syktocht.

It wie net it sykjen nei (de leafde fan) broers en heit, mar nei de nea fûne, ûnferfolle leafde fan in frou, nei it bûgjen en it ôfsmiten fan in yn de rin fan de jierren opleine en ûntwikkele ûnferskilligens en hurdens. 'Binne dat gjin gedachten dy't ik nacht út nacht yn op bêd repetearje as monologen fan de takomst, no't Lize dwaande is wat yn my te bûgen?' Ek dy rigels binne te

lêzen op de kearnsiden 226-227, dêr't de skriuwer dúdlik makket wat er mei syn personaazjes wol.

Masterlik

De leafde fan de frou kin him bûge en him wer ta folslein minske meitsje. Van der Ploeg yntrodusearret hjir in masterlik fûne literêre spiegeling: Hesling wie fereale op de sike Aukje, mar hy mocht har syn leafde net bekenne; Lize wie fereale op de tramtearre Hesling dy't nei Kanada ferdwynt. 'Byelkander kommen konden sy niet, want het water was veel te diep.' Se komme wer byelkoar en Hesling wurdt wer minske yn syn soarch foar en it fersoargjen fan de deasike Lize ta it lêste. Sa ferteld klinkt dat sentimenteel en romantysk, mar yn dy falkûle stapt Van der Ploeg net. It ferhaal fan dy beide minsken yn it lêste hûs fan Skylge by peal 13, 'Ultima Thule' giet jin troch ieren en sinen en pakt jin by it hert. „Al dy jierren hast der west, as yn in dream. Elk hat dochs rjocht op syn dreamen?” „Ja” sis ik en slikje my it sâlt fan 'e lippen. „Elk hat rjocht op syn dreamen.” En stadich, ûnhandich en wjerstrëbbich bûcht Hesling foar de oppotte, útstelde leafde fan Lize dy't se yn har lêste dagen noch ynhelje wol.

Sykjend nei it lêste hûs fynt Hesling de leafde én de dea en hy moat wer allinne fierder en set him nei wenjen op Lytse Lea. Hy hat Lize har jiske útstruid op it strân fan Skylge en it nammeboerd fan it yn de weagen ferdwûne hûs meinommen en op de muorre skroefd: 'Ultima Thule.' 'No strún ik troch it hûs. Ik sykje wat ik net fine kin.'

Sykjend nei it lêste hûs hat as gehiel net dat brede epyske fan *Foarby it Boarkumer fjoer* en net it komprimearre, yntinse fan *Bertegrûn*, mar yn grutte parten is it wer in echte Van der Ploeg mei in ryk ferhaal en dy bekende skildering fan de Dongeradielen en syn bewenners mar no mei in byldzjende miks mei de lânskippen fan Kanada en Alaska, net liker as wie de auteur dêr like thús as efter Dokkum.

Sykjend nei it lêste hûs. Durk van der Ploeg. Friese Pers Boekerij, Ljouwert. Priis: 17,50 euro.